

# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinners: FNP CDA 50PLUS  Mei-yntsjinner(s): PvdA PvdD ChristenUnie
--

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

## MOASJE, ex artikel 29 lid 7 Reglement van orde, frjemd oan'e oarder fan'e dei

Steategearkomste	22 april 2020
Wurklistpunt	
Koarte titel fan de moasje	Tapassen sinneljedder yn Verordening Romte
De Steaten, yn gearkomste byien op 22 april 2020	
oerwaagjend dat	
<ol style="list-style-type: none"><li>1. Provinsjale Steaten by de behanneling fan de Untwerp-Omjouwingsfisy 'De Romte diele' yn septimber 2019 besletten hawwe dat de saneamde sinneljedder tapast wurde moat by de beoardieling fan plannen foar it pleatsen fan sinnepanelen;</li><li>2. yn de Untwerp-Omjouwingsfisy dêrta neikommende tekst opnommen is:  <i>'Voor zonne-energie geldt als uitgangspunt: zonnepanelen eerst op daken en gevels van gebouwen. Het inpassen op daken en gevels draagt niet alleen bij aan het combineren van functies. Omdat hier al sprake is van bebouwing, zal het introduceren van zonnepanelen op deze plekken doorgaans minder invloed hebben op de kenmerken of identiteit van een gebied. Om dezelfde reden hebben daarna onbenutte terreinen in bebouwd gebied de voorkeur. Om de gestelde energiedoelen te halen, kan blijken dat ook locaties in het landelijk gebied nodig zijn. Ook in dat geval prefereren we slimme functiecombinaties. Hoewel natuuren landbouwgebieden niet volledig worden uitgesloten, ligt de voorkeur bij gronden met een andere primaire functie dan landbouw of natuur, zoals waterzuiveringsinstallaties, afvalstorten afvalverwerkingslocaties, binnenwateren of areaal in beheer van de provincie of het Rijk (zoals Rijkswaterstaat, ProRail, Staatsbosbeheer), waaronder waar mogelijk bermen van spoor- en autowegen.'</i></li><li>3. Provinsjale Steaten op 18 desimber 2019 útsprutsen hawwe dat by it sykjen fan lokaasjes foar de opwek fan elektrisiteit ek de 'Gedragscode Zon op land' belutsen wurde moat;</li><li>4. de ynfiering fan de Omjouwingwet ernstich fertrage is, en nei ferwachting dêrtroch ek de nije provinsjale Omjouwingsferoarderding folle letter fêststeld wurde sil as earder tocht;</li></ol>	

## MOASJE

5. boppesteande tekst fan de Untwerp-Omjouwingsfisy noch net fertaald is nei bepalingen yn 'e Verordening Romte en dat dêrtroch oanfragen foar sinnegreiden noch hieltyd beoardield wurde neffens de "âlde" kritearia.

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten om

1. de bepaling oer it tapassen fan de sinneljedder, lykas opnommen yn 'e Untwerp-Omjouwingsfisy te fertalen yn regels yn de Verordening Romte;
2. de ûntwerp-wiziging fan de Verordening Romte mei dy regels yn maaie bekend te meitsjen en elkenien de mooglikheid te jaan dêrop binnen op syn minst fjouwer wiken te reagearjen neffens artikel 4.1 lid 6 Wro;
3. de oanpaste feroardering dêrnei sa gau mooglik foar beslútfoarming foar te lizzen oan PS.

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP               Sijbe Knol
	CDA               Maaïke Prins
	50PLUS          Theun Wiersma
	PvdA             Anne Zijlstra
	PvdD             Rinie van der Zanden
	ChristenUnie   Wiebo de Vries